

Kolleezje fan Deputearre Steaten
o.f. Mr. S. Poepjes
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 20 july 2022

Rju achte deputearre Poepjes,

Koartlyn ha jo grutskalige besunigings fan 2025 ôf oankundige. Foar Fryske taal en kultuer giet it om 1,6 miljoen it jier op strukturele middels, dy't no 10,3 miljoen berinne; dat is rekkene bûten de tydlike middels dy't yn dizze beliedsperioade ynset wurde foar rinnende projekten en belied (2,9 miljoen). De fakto betsjut soks dat, yn ferhâlding ta hjoed de dei, der fan 2025 ôf in tebekgong fan ca. 30% is op de middels foar taal en kultuer.

DS hat by ús bêste witten net oanjûn op hokker wize oft hja tinke de foarnommen besunigings te effektuearjen, hoe't se ferdielt wurde oer de haadmêden taal en kultuer en dus ek net hokker dielmêden fan it taal- en kultuerfjild oft rekke wurde sille.

DINGtiid, as it wetlik orgaan om Ryk en provinsje te advisearjen oer it Frysk, fielt de needsaak om op de berjochten te reagearjen. Want men kin fan tinken wol ha dat sokke yngeande besunigings net oars betsjutte kinne as dat de Fryske taal skea oprint.

- Yn it foarste plak om't mei minder jild domwei minder taalbeskermjende en taalbefoarderjende maatregels en aktiviteiten útfierd wurde kinne.
- Yn it twadde plak om't yn it fjild no al de ûnrêst te fernimmen is: wat betsjutte de foarnommen besunigings foar de organisaasjes en foar harren plannen?
- Yn it tredde plak binne de oankundige besunigings nuver te neamen yn it ljocht fan it feit dat de provinsje koartlyn mei in soad ambysje in brede gearwurking yn it Fryske fjild ynstigearre hat (it 'Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer', GFTK), mei ek oan de grûnslach dêrfan de winsk fan de provinsje dat dat fjild de provinsje helpt om de langetermynambysje foar it Frysk in goede kennisbasis te jaan; de besunigingsplannen sette de gearhing en gearwurking binnen dit noch jonge en kwetsbere GFTK ûnder druk.
- Boppedat falt te ferwachtsjen dat, as de provinsje minder jild beskikber stelt foar de Fryske taal, it Ryk dat foarbyld folgje sil, wêrtroch't it negative effekt dûbeld sa swier wurde sil.

Hoe dan ek is in besuniging fan dizze omfang yn tsjinspraak mei jo belied, dat wol dat it Frysk natuerlik en fanselsprekkend is EN BLIUWT (*Nij podium*, 5.3). Want hoe sil de posysje fan it Frysk itselde bliuwe kinne – lit stean útboud wurde – as it fûnemint ferswakket?

It Frysk kin net sûnder beskerming en befoardering. Net om 'e nocht hat it Ryk it Europeesk Hânfêst ûndertekene, en net om 'e nocht wurkje Ryk en provinsje de

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Europeeske ferplichtings mei-inoar om ta konkreet belied, benammen fia de fiifjierrige BFTK. De besunigings dy't jo oankundige ha, sille betsjutte dat oan Europeeske ôfspraken net, net mear of minder befredigjend foldien wurde kin.

Wy tidigje derop dat DS taljochtsje hoe't hja tinke de besunigings útfiere te kinnen sûnder de takomst fan de taal skea te dwaan, en mei dy taljochting net te wachtsjen oant it steatedebat oer de begrutting foar 2023, it jier dêr't Ryk en Provinsje in nije BFTK yn ûntwerpe sille, foar de perioade 2024-2028. Boppedat ha de politike partijen yn Fryslân alle rjocht om yn it ûntwerpen fan harren ferkiezingskampanjes foar de ferkiezings fan maart 2023 hjiroer in grûndearre stânpunt yn te nimmen, dêr't sa'n taljochting fan belang foar is. Sa kinne de Friezen sels ynfloed ha op de takomst fan harren taal.

Wy sjogge jo reaksje graach yn 'e mjitte.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

Ofskriften fan dit brief gean nei:
Provinsjale Steaten, Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,
Twadde Keamerfraksjes.

College van Gedeputeerde Staten
t.a.v. Mr. S. Poepjes
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Leeuwarden, 20 juli 2022

Hooggeachte gedeputeerde Poepjes,

Recent hebt u grootschalige bezuinigingen vanaf 2025 aangekondigd. Voor Friese taal en cultuur betreft het 1,6 miljoen euro op structurele middelen, die thans 10,3 miljoen bedragen; niet meegerekend zijn hierbij de tijdelijke middelen die in de huidige beleidsperiode worden ingezet voor lopende projecten en beleid (2,9 miljoen). De facto betekent dit dat er sprake is van een reductie op middelen voor Friese taal en cultuur vanaf 2025 van ca. 30% ten opzichte van heden.

GS heeft naar ons weten niet aangegeven op welke wijze zij de voorgenomen bezuinigingen denkt te effectueren, hoe deze worden verdeeld over de hoofdgebieden taal en cultuur en daarom ook niet welke deelgebieden van het taal- en cultuurveld zullen worden geraakt.

DINGtijd, als het wettelijk orgaan om Rijk en provincie te adviseren aangaande het Fries, voelt de noodzaak om op de berichten te reageren. Want logischerwijze zullen zulke ingrijpende bezuinigingen onherroepelijk schade voor de Friese taal betekenen.

- In de eerste plaats omdat met minder geld eenvoudigweg minder taalbeschermdende en taalbevorderende maatregelen en activiteiten kunnen worden uitgevoerd.
- In de tweede plaats omdat in het veld nu al de onrust te merken is: wat betekenen de voorgenomen bezuinigingen voor de organisaties en hun plannen?
- In de derde plaats zijn de aangekondigde bezuinigingen verwonderlijk te noemen in het licht van het feit dat de provincie kortgeleden met veel ambitie een brede samenwerking in het Friese veld heeft geïnstigeerd (het 'Samenwerkingsverband Friese Taal en Cultuur', GFTK), met mede ten grondslag daaraan de wens van de provincie dat het veld de provincie helpt om de langetermijnambitie voor het Fries een goede kennisbasis te geven; de bezuinigingsplannen zetten de samenhang en samenwerking binnen dit prille GFTK onder druk.
- Bovendien valt te verwachten dat, indien de provincie minder geld beschikbaar stelt voor de Friese taal, het Rijk dit voorbeeld zal volgen, waardoor het negatieve effect dubbel zo zwaar zal wegen.

Hoe dan ook is een bezuiniging van deze omvang in tegenspraak met uw beleid, dat wil dat het Fries natuurlijk en vanzelfsprekend is EN BLIJFT (*Nij poadium*, 5.3). Hoe zal immers de positie van het Fries gelijk kunnen blijven – laat staan uitgebouwd worden – als het fundament verzwakt raakt?

Het Fries kan niet zonder bescherming en bevordering. Niet voor niets heeft het Rijk het Europees Handvest ondertekend, en niet voor niets vertalen Rijk en provincie de Europese verplichtingen gezamenlijk in concreet beleid, hoofdzakelijk via de vijfjaarlijkse Bestuursafpraak Friese Taal en Cultuur (BFTK). De bezuinigingen die u heeft aangekondigd, zullen betekenen dat aan Europese afspraken niet, niet langer of minder bevredigend kan worden voldaan.

Wij dringen er bij GS op aan dat zij toelichten hoe zij denken de bezuinigingen te kunnen uitvoeren zonder de toekomst van de taal schade te berokkenen, en met deze toelichting niet te wachten tot het statendebat over de begroting voor 2023, het jaar waarin Rijk en provincie een nieuwe BFTK zullen ontwerpen, voor de periode 2024-2028. Bovendien hebben de politieke partijen in Fryslân het volste recht om bij het ontwerpen van hun verkiezingscampagnes voor de verkiezingen van maart 2023 hierover een gefundeerd standpunt in te nemen, waarvoor zo'n toelichting van belang is. Zo kunnen de Friezen zelf invloed uitoefenen op de toekomst van hun taal.

Wij zien uw reactie met belangstelling tegemoet.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
Voorzitter DINGtiid

Afschriften van deze brief gaan naar:
Provinciale Staten, Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties,
Tweede Kamerfracties.